

Po@dium

Bennie Huisman

2025 - 1



Beste lêzers,

Myn 'nijjierskaart' hjirboppe toant - midden yn in winter dy't noch net daalk sicht jout op in nije Alvestêddetocht - in simmers tafrieltsje. Op 'e foargrûn myn lisfyts, dy't no krekt 25 jier âld is. Op 'e achtergrûn de opgong nei de doar fan in tsjerke, de tsjerke fan Sânfurd.

Ik kocht Sudewyn krekt foar de ieuw- en millenniumwikseling. Dy oergong wie net sûnder hope. Tsien jier dêrfoar kaam in ein oan de Kâlde Oarloch. It Izeren Gordyn en de Berliner Muorre waarden opromme en de takomst like oan de liberale wrâldoarder. En oan 'e frijhandel. Mei help fan alle nije digitale ûntjouwings koe it allinne mar de goede kant op gean. No is der net folle mear te fieren. Oer de spannings tusken ús persoanlike wrâld en wat der yn de wrâld om ús hinne bart, oer wat it mei ús docht en wat we der al dan net oan dwaan kinne, dêroer giet it dit jier yn Po@dium.

Doe't ik *Sudewyn* yn 1999 kocht, wie de tsjerke fan Sânfurd krekt restaurearre. Foarich jier haw ik myn lisfyts 'restaurearre'. Oan beide projekten sieten ûnderskate 'ambachtlike' kanten. Mar ek wienen se alle twa fan it momint ôf dat ik se letterlik en figuerlik yn it each krige, oanjagers fan myn ferbylding. En by alles wat der yn it eigen libben én yn 'e wrâld om my, om ús hinne feroare is, dy ferbylding is noch altyd warber, hâldt de sjonger oan syn liet, de ferteller oan syn ferhaal en de skriuwer oan beide. It is fansels in ôfrinnende saak.

Mar dat is in rivier ek.



de tsjerke fan Sânfurd

De hast 300 jier âlde tsjerke fan Sânfurd, waard yn 1985 oan 'e bûtenkant opknapt. Ein jierren '90 waard ek it ynterieur ûnder tafersjoch fan arsjitekt Jelle de Jong ferantwurde restaurearre.

Begjin jierren '90 wie de tsjerke in winter lang in wurkplak foar keunstner Gerrit Terpstra. It skilderij hjirneist is ien fan in

searje dy't dêr doe makke is, op stikken seildoek fan in skûtsje. Doe't ik se letter yn de tsjerke hingjen seach haw ik him frege of ik se brûke mocht foar it byld fan myn cd *Sânfurd*, en dat mocht. Se waarden profesjoneel fotograferre en diel fan de foarmjouwing fan it cd-boekje. Twa jier letter waard ien fan de foto's noch brûkt foar de bondel *Sânfurd*, dy't by de iepening fan de restaurearre tsjerke oanbean waard.

Dy bondel wie in eigen útjefte. Fjouwer jier dêrfoar hie 'k foar in lyksoartige bondel in middei lang neist in DTP-er sitten, dy't myn teksten yn 'e kompjoeter ynfierde en der mei myn ideeën in digitale bondel fan makke dêr't de offsetprinter mei oan 'e slach koe. DTP-er wie in nij 'ambacht'. Mar wêr't ik troch it ferbouwen fan in eigen hûs de restaurearre tsjerke ek sels 'ambachtlik' belibje koe, mei ynsjoch yn 'e konstruksjes en de keuzes dy't makke wienen, dêr wie dizze digitale wrâld allegear nij en frjemd foar my. Ik wie it stadium fan 'it duorret myn tiid wol út' al wol foarby, mar moast de nedige wjerstân oerwinne om my der fierder yn te ferdjipjen. Wat dêr by help wie de rekken dy't ik krige foar it wurk fan de DTP-er. Hoe mear ik sels dwaan koe, hoe mear ik besparre. By de bondel *Sânfurd* makke ik foar it earst wurk fan it opmeitsjen, it kiezen fan lettertypes (fonts) en it ûntwerpen fan it omslach. Ik socht in letter út, dy't wat de suggestje hie fan in skriuwletter: **Comic Sans MS**. In profesjonele ûntwerper hat dêrnei myn bondel brûkt yn in lêzing oer syn fak, as foarbyld hoe't it net moast. Yn de jierren dêrnei ha 'k fierder leard, al bleau ik in amateur.

We binne no 25 jier fierder. De hiele digitale wrâld is diel wurden fan ús deistich libben en hat wothoefolle saken makliker makke. We tinke frijwol net mear nei oer hoe't de dingen om ús hinne wurkje, dat wurdt foar ús dien. Der is in 'libbensbrede' ôfhinklikheid ûntstien dy't ús kwetsber makke hat. Yn dizze tiid, no't de nijste technyk fan keunstmjittige yntelliginsje oer ús útrôle wurdt, begjinne dy kwetsberheden aloan mear sichtber te wurden. Lykas ek de skaadkanten: de frijwol ûnkontrolearre en ûnbegrinze macht fan de ûnfoarstelber rike bazen fan wat de Tech-yndustry neamd wurdt. En de ynfloed dy't se ha - en ha wolle - op politike prosessen. De 'ambachtlikheid' dy't se dêr foar nedich ha, sûgje se op by top-universiteiten, troch it bieden fan in heech ynkommen en de illúzje diel te wêzen fan in nije elite. En wy hingje allegear deistich oan harren toutsjes, troch it brûken fan smartphones, apps, streaming, digitaal betelingsferkear, sosjale media en gean sa mar troch.

Mar sjoch noch even nei it skilderij hjirboppe: it is net mei A.I. makke, mar troch in minske, mei leafde, hert en siel, mei hannen en holle, yn in echte winter, yn de kjeld, yn in echte tsjerke.

Benijd nei de keunstner? gerritterpstra.nl

fyts & ferbylding





út klaaid & strûpt
oant op it neakene
wêzen
binne we betinksels
fan God of Darwin
heechhertige sielen

it libben fleis
de sêfte hûd
alle twifel
net wurdich

lit ús bidde
om hâldfêst
om leafdefolle
ferbylding

sketsboek fan 'e ferbylding



imagination first!



It is hjoed 21 jannewaris 2025, befrijingsdei.

Ik ha krekt in dekreet tekene, dat it skriuwen en sjongen fan poëzij en it fertellen fan ferhalen it kommande jier op it earste plak set:

sing, baby, sing...

Dêrneist haw ik in needwet tekene dy't de ûnkontrolearre ynfaazje fan keunstmjittige yntelliginsje (A.I.) keare sil. Der sil in mentale muorre boud wurde om de tradysjonele winning fan ferbylding te beskermjen. Dêryn is in wichtige rol weilein foar myn libbenslange maten: Pinne en Papier. En fansels foar myn swalkfyts *Sudewyn* en myn lytse akkordeon *Settimio*, dy't my ûnderweis beselskipje sille op echte én op ferbylde reizen.

Ta beslút haw ik noch in dekreet tekene, dat it waar twingje sil ta myldens en sinneskyn én dat de maityd nei foaren hellet, sadat ek in âld man as ik der wer op út kin.

De wals

'aan de vruchten kent men de boom...'

Yn dizze lange winter haw ik broede op - en breide oan in nije foarstelling, dy't in titel hat dy't wat tsjin de tiidgeast yngiet. As aanst de mylde dagen komme en de auto's mei iepen ruten wer foar de brêge steane te wachtsjen, sil de yndustriële bonk-bonk-bonk-muzyk wer de iepenbiere romte folje. Dan moatte de festivals noch begjinne. Mar de sjonger keart werom nei syn earste muzikale yndrukken en dêr spile de wals in grutte rol yn. (wurdt fuortset....)

De noch rinnende meartalige foarstelling is:

'amore':

Ik sjong lieten oer de leafde, dy't ik troch de tiid hinne skreaun ha. En fertel oer hoe't dy mei it eigen libben ferbûn binne. Mei Corinne Staal oan de piano.

Op snein 9 febrewaris, om 15.00 oere, binne we yn De Skierstins yn Feanwâlden. Wolkom.

www.benniehuisman.nl (zanger & verteller)

www.schierstins.nl (0511-472937)

'Po@dium' is in Persoanlik Digitaal Magazine dit is de 1e ôflevering fan 2025

Réaksjes binne altyd wolkom: huisman.bennie@gmail.com

Wa't op 'e ferstjoerlist wol cq op it tastjoeren gjin priis stelt: lit it witte.

www.benniehuisman.nl